

De cowboy en de stedsmins

Roman

F20 5-12-9

troch Jaap Krol

Durk van der Ploeg (1930) is de produktyfste skriuwer fan Fryslân. Allinnich al yn dit desennium hat er sân romans skreaun - plus in ferhalebondel en in dichtbondel. Al mei al is syn lêste boek, *In beferzen mar*, syn njoggentjinde roman.

In roman mei klassike van der Ploeg-tema's: de ferhâlding tusken bern en âlden; de gefolgen fan oarloch; oantinkens en iensumheid, wrakseljend tsjin it dekor fan de wide noardeasthoeke.

Lochman Raven ('Loch') is de soan fan Jort Lochmans Raven. Hy is in skieden âld-militêr en wennet poerallinnich op in spultsje dat er fan heit urven hat oan de âlde seedyk fan de Lauwersmar. Op in dei bellet der in frjemdling oan: Teves van Heemskerk, berne yn 1968 en koart nei it ferstjerren fan mem troch heit fuortjûn. Teves wol antwurd op de him sa kwellende wêrom-fraach. Belêste mei gefoelens fan skuld en ynkrin-

gende oantinkens, bepakt mei in hast twangmjittige wurketos en grutte natuerkennis is Loch twongen de wierheid bytsje by bytsje oan syn acht jier jongere broer Teves te fertellen. In wierheid dy't jierren weromgiet, oant in ieu ta; in wierheid dy't sadisme en haat ferieniget en Loch en Teves achterlit as de ferlokte bernfan.

Van der Ploeg hat de striid tusken de bruorren situearre en ferslein as in hast fysike striid yn in bar lânskip. Oan de Lauwersmar gjin mailadres, sintrale ferwaarming of dûbele rûten. Wol iis, snie, hynders, in houtkachel en in slide. Dús oer eleminten en dêrom in klassyk âldtestamintysk needlotsdrama? Jawis, mar dêr stiet foaroer dat *In beferzen mar* him krekt sa goed, sa net better, sa'n sechtich jier lyn ôfspylje kind hie. In ferhaal dat wat dekor oanbelanget hieltyd mar gjin ôfstân liket te nimmen fan in oare tiid, sis mar doe't de Lauwersmar noch Lauwerssee wie, is yn 2009 ek wolris ferfrjemdzjend, as hat de klok

oait stilstien om mei sin noait wer fierder te gean.

Loch is fierwei it bêst slagge as personaazje. Hy is sterk, gevoelich en lef. Lykas alle minsken in wierheid ferswiije, om dêrnei mei omwegen it mar te fertellen, sa wrakselet Loch mei Teves en bakt der eins neat fan. Teves dêrfoaroer bliuwt wa't er altyd west hat yn dit lânskip: in oerflakkich stedsmins. De swakkere neist Loch, de swakkere yn it ferhaal. Hy hat gjin harses, gjin liif.

In needlotsdrama dat net hielendal yn balâns is. En dôchs smyt dizze kwetsbere tematyk in spannend boek op. Spannend yn syn tragyk, yn syn ferflokke atmosfear. It bewiist mar wer ris mei hoeffolle kunde de fakman Van der Ploeg in ferhaal komponearje kin.

i *In beferzen mar*. Durk van der Ploeg. Friese Pers Boekertij, 18,50 euro

